


De Bjusterbaarlike Baron

Jurjen Faber – tekst | Paul van Dijk – yllustraasjes | Afûk, 2022 |
ISBN 9789493159907 | hurd kaft, 32 siden | Leeftyd: 6 - 10



YNHÂLD

Oer it boek	1
Gearfetting	1
Oer Jurjen Faber en Paul van Dijk	1
Oan de slach mei it boek	2
SKRIUWE EN TEKENJE – In ferlechje	
TEKENJE – Sels betinke	
Prate oer it boek	2
Wurkblêden	4

OER IT BOEK

Dit boek is opboud út 15 haadstikken. Yn it earste ferhaal giet de Baron von Münchhausen op 'en paad om te helpen yn de oarloch, it lêste ferhaal giet oer syn thúskomst. Dêr tusken yn fertelt er oer syn aventoeren as soldaat. De ferhalen wurde fan de baron út ferteld, yn de ik-foarm. Se binne koart genôch om eltse dei ien ferhaal te lêzen, yn 'e klasse of foar it sliepen gean. In part fan de yllustraasjes is yn kleur, in part yn swarte sylhûetten op in wite eftergrûn.

Paul en Jurjen hawwe it boek tegearre nei Dútslân brocht, nei it Münchhausen Museum yn Bodenwerder. Dit museum hat de grutste kolleksje boeken oer de Baron von Münchhausen. Yn totaal wiene dêr sa'n 1200 útjeften yn 48 ferskillende talen. 'De Bjusterbaarlike Baron' is it earste Fryske boek dat yn it museum leit, en is de 49e taal yn de kolleksje.

GEARFETTING

Yn *De Bjusterbaarlike baron* giet it oer de Baron von Münchhausen. Eins hie dizze man in hiel lange namme: Karl Friedrich Hieronymus baron von Münchhausen. Dizze edelman libbe fan 1720 oant mei 1797 yn Dútslân. Hy hat fochten foar it Russyske leger yn de tiid dat Ruslân en Turkije yn oarloch wiene. Doe't hy thúskaam, hie hy in geweldige samling sterke ferhalen. De ferhalen makken yndruk en binne opskreaun en fierder ferteld. Al hûnderten jierren! Ek yn dit boek fertelt er wat er allegear meimakke hat op syn reizen. Yn de koarte ferhalen, dy'tst ôfsûnderlik lêze kinst, komme liuwen en krokodillen foar, fisken dy't skippen opite en útsûnderlike hynders. It wiene bysûndere reizen en dit is dan ek in bysûnder boek. Von Münchhausen hie de bynamme 'de leugenbaron'. Want fan syn bjusterbaarlike ferhalen witst noait seker oft se echt net, of net echt bard binne ... En dat makket it just in plezier om (foar) te lêzen!

OER JURJEN FABER

Foar dit boek hat Jurjen Faber (1973) in seleksje ferhalen fan de Baron opskreaun yn it Frysk. Yn syn frije tiid mei hy graach lêze, skriuwe en muzyk meitsje. Yn de boekekast op de basisskoalle stie in boek oer in baron, fol mei nuvere ferhalen dy't net wier wêze koene. De tekeningen yn dat boek hat er noait ferjitten. Mei dit boek kin hy de ferhalen wer trochjaan oan in nije generaasje lêzers.

Earder hawwe Paul en Jurjen al ris in teäterfoarstelling oer de Baron von Münchhausen makke, ek mei de titel 'de Bjusterbaarlike Baron'.



OER PAUL VAN DIJK

Paul van Dijk (1981) makke de yllustraasjes foar dit boek. Neist yllustrator is hy warber as dichter, striptekener, skriuwer, muzikant en teätermakker. Doe't Paul in jonkje fan njoggen wie, hat er fan 'e bibliteek fan Warkum in skoft hieltyd itselde boek liend. Dat boek hjitte: 'De wonderbaarlike avonturen van de Baron von Münchhausen'. Dêr leit de kearn fan syn fassinaasje foar dizze man.

Van Dijk skriuwt benammen yn it Frysk. Yn 2011 ferskynde by útjouwerij Afûk syn earste berneboek, *Renske wol stoer wêze!*. It ferhaal hie er earder betocht as teäterstik, en it waard brûkt foar it Lyts Frysk Diktee. Yn 2012 ferskynde *De Kening fan Juster*, in realistysk mearke oer in famke dat te krijen hat mei de 'Raveman'. Dêrnei folge de *Wûndertoeter fan Hindrik Bûter* dat as aksjeboek tsjinne yn de Fryske boekewike fan 2014. Alle boeken befetsje akwarellen fan de auteur.

Foar Donald Duck makket Paul senario's, dat binne ferhaalideeën yn byld en tekst dy't ferskine yn it wykblêd. www.depenvanpaul.nl

PRATE OER IT BOEK

It stellen fan de fraach 'Wêr gong it boek oer?' is faak net sa'n produktive wize om mei learlingen oer in boek te praten. Sy witte faak de essinsje net goed te beneamen en ferlieze harsels gauris yn details. In goede metoade om in berneboek klassikaal te besprekken, is ûntwikkele troch de Ingelske berneboekeskriuwer Aidan Chambers. Hy beskriuwt dy yn syn boeken *Vertel eens* en *De leesomgeving*, bondele yn *Leespraat*, Biblion 2012. De *Vertel eens*-oanpak komt derop del dat de learlingen en learkrêft oan 'e hân fan de folgjende basisfragen oer it boek prate, as dat út is:

1. Wat fynst moai/goed oan it boek?
2. Wat fynst net sa moai/goed oan it boek?
3. Wat fynst dreech of ûndúdlik? (Of frjemd, wiene der dingen dy't net kloppen?)
4. Wiene der patroanen/ferbannen? (Dingen dy't hieltyd weromkomme yn it boek?)

Set de antwurden fan de learlingen yn stekwurden yn kolommen op it boerd. Binne der linen te lûken fan de iene nei de oare kolom? Binne der dingen dy't faker weromkomme? Falt in bepaald tema of ûnderwerp op? Learlingen dy't oefenje om in boek op dy wize te besjen, sille letter mear bysûndere dingen opfalle.

OAN DE SLACH MEI IT BOEK

It boek kin ekstra ta libben komme troch alderhande ferskillende ynfalshoeken en ferwurkingsopdrachten. De piktogrammen betsjutte:  = groep,  = twatallen,  = yndividueel,  = tiid dy't noadich is foar de opdracht.

SKRIUWE EN TEKENJE – *In ferlechje*



It is lige, fersinne, fantasij. Elkenien hat it wolris dien: in smoesje betinke. Bygelyks ast te let bist op skoalle, of 'ferjitten' bist de hûn út te litten. Elkenien hat dus it talint om wat te betinken! Witst dat der sels in club bestiet foar smoesjes? De Burlington Liars Club. Dat is in ferieniging yn de Feriene Steaten dy't jierliks in priis útriket oan dejinge dy't de bêste en leukste leagen fertelt.

No jimme!

Betink yn twatallen de bêste smoes. De bêste smoes om te tafel net te dekken. Om net mei te gean op besite. Om net nei swimles te gean. Foar te let kommen. De bêste smoes om dyn iisko net te beteljen.

Oerdriuwe mei, oerdriuwe moat!

Betink gjin gewoane smoezen, mar de alderbjusterbaarlikste alderwûnderlikste fersinsels. Tink oan krokodillen yn de ôfwaskmasine. Of in hiel besmetlike sykte op de euro's. In oerstreaming by dy yn 'e strjitte. Of somby's op strjitte bygelyks.

- Meitsje in twatal mei dejinge neist dy.
- Betink wêr't dyn ferlechje oer giet.
- Hoe begjint it?
- Hoe giet it fierder?
- Hoe einiget it?
- Skriuw de smoes no op as ferhaal.
- Klear? Meitsje in tekening derby.

TEKENJE – *Sels betinke*



Op dizze tekening stjoersto yn swart-wyt in hûn en de Baron. Makkesto de rest fan dizze tekening? Dat mei alderbjusterbaarlikst en alderwûnderlikst. Want in hynder kin bêst wol blau wêze. En de loft mei bêst giel mei pearze stippen wêze. En wêrom soene der gjin snoepkes oan de beam groeie. Toch? Sukses!

WURKBLÊD 1 - SKRIUWE EN TEKENJE

WURKBLÊD 2 – TEKENJE

